

Oan de Kolleezjes fan Boargemaster &
Wethâlders en Gemeenterieden fan de
Fryske gemeenten

Ljouwert, 8 maart 2022

Ferstjoerd, **- 8 MAART 2022**

Ús merkteken : 01969629
Ôfd/Opjefte : Bestimming Fryslân
Opsteld troch : [REDACTED]
Jo merkteken :
Taheakke(n) : Rapport 'Gezamenlijke feitenbasis Deltaplan Noordelijk Nederland (deel B)', Gezamenlijk duiding SNN en Flevoland van onderzoeksrapport deel B en Verslag Expertpaneloverleg Deltaplan voor Noordelijk Nederland over deel B

Ûnderwerp : Deltaplan Noordelijk Nederland - oanbieden ûndersyk diel B

Achte Kolleezjes en Rieden,

Ferline jier april hawwe wy jimme ynformearre oer de Boustiennen foar it Deltaplan Noordelijk Nederland (hjernei Deltaplan NN), dat opsteld is nei oanlieding fan de Twadde Keamermoasjes fan Amhaouch c.s. en Terpstra om te kommen ta in Deltaplan foar it Noarden. De Boustiennen foarmen diel A as opmaat nei diel B, in ferdjippend ûndersyk, en ferfolchôfspraken yn diel C.

No binne wer inkelde stappen setten om te kommen ta in Deltaplan NN. It Regear hat in wichtige stap setten mei it Regearakkoart, wêryn't it foarnimmen opnommen is om de Lelylijn oan te lizzen en wêrby't byhearrende finansiering yn de Ryksbegutting opnommen is.

Fierder is it ferdjippende ûndersyk 'Gezamenlijke feitenbasis Deltaplan Noordelijk Nederland (deel B)' ree en dat biede we jimme hjirby, mei út namme fan de oare opdrachtjouwers, oan. Yn de taheakke mienskiplike notysje fan de noardlike partners wurdt neier yngien op de wichtichste konklúzjes út it ûndersyk.

Mei it Regearakkoart stiet it ûndersyk diel B yn in nij perspektyf: diel B is de ôfrûning en tagelyk it begjin fan in nij realisasjetrajekt. It Regearakkoart beneamt ek it ynternasjonale perspektyf fan de Lelylijn foar in bettere ferbining mei it noarden fan Dútslân.

Ferfolch – gearwurkingsôfspraken tusken Ryk en Regio – diel C

Ryk en regio sille de kommende tiid ta wurkje nei de ôfspraken foar it ferfolch. Foar it spoarpakket stiet de rûte yn prinsipe fêst. Foar de Lelylijn giet it om de proseduere sa't dy yn de Tracéwet fêstlein is, ûnder regy fan it Ryk, en wurdt ta wurke nei in startbeslissing foar de Lelylijn.

Wat de wentebou oanbelanget is yn de boustiennen opnommen dat it Noarden ree is om te helpen yn de oplossing fan it tekoart oan wenten yn it hiele lân, mei romte foar de bou fan 220.000 ekstra wenten, wêrfan 45.000 yn Fryslân, boppe op de autonome groei. Dit oantal is foar Fryslân basearre op in optelsom fan gemeentlike rûzings. It no foarlizzende ûndersyk lit sjen dat in ekstra ympuls fan 25.000 -75.000 wenten foar de 4 Noardlike provinsjes genôch/realistysker is foar de langere termyn. De oanbefelling om neier ûndersyk te dwaan nei it wentebouprogramma, pakke we dan ek mei de partners op, wêrby't foar ús it útgongspunt is om te bouwen nei ferlet en aard en skaal fan Fryslân. De Omjouwingsfyzje 'De Romte Diele' is dêrfoar it ramt wêryn't we wurkje.

Ek de oanbefelling om in ekonomysk programma te ûntwikkeljen om te soargjen foar genôch en fariearre wurkgelegenheid wurkje we mei de partners neier út.

We tidigje der op jimme hjirmei foar no foldwaande ynformearre te hawwen en sille jimme geregeld op de hichte hâlde fan de fierdere útwurking fan it Deltaplan NN.

Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

R.E. Bouius - Riemersma, MBA MCM, sekretaris